

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	It Kolleezje fan Deputearre Steaten Underwerp: Frysk yn kampanje Merk Fryslân
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Mei twa kampanjes wolle de toeristyske organisaasjes Merk Fryslân en VVV Waterland van Friesland de Friezen stimulearje ta in toeristyske ûndekkingreis yn eigen provinsje. Doel: 'Friezen yn eigen lân der op út gean litte'. Der is in 'Wereldreiscampagne' en in 11-Fountains-campagne. Ien en oar wurdt stipe troch de Provinsje Fryslân.</p> <p>Der wurde ûnder oaren 14 bussen fan Arriva ynset dy't mei promosjonele bestikking foar dizze kampanje troch de provinsje ride.</p> <p>Boarnen:</p> <ol style="list-style-type: none">1) Parseberjocht Merk Fryslân 31 augustus 20202) Friesch Dagblad 1 septimber 20203) Leeuwarder Courant 1 septimber 20204) Website: https://www.friesland.nl/nl/merkfryslan/nieuws-updates/merk-fryslan-archieff/gezamenlijke-promotie-voor-friesland-om-toerisme-in-najaar-en-voorjaar-impuls-te-geven
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Hat it Kolleezje lykas in soad minsken yn de provinsje ek sjoen dat op de Arriva-bussen as provinsjenamme konsekwint 'Friesland' brûkt wurdt yn stee fan de offisjele provinsjenamme 'Fryslân', en dat der foar it oare ek yn alle oare tekstuele uteringen by dizze kampanje gjin wurdt Frysk by is?2. Binne jo mei ús fan betinken dat fan in organisaasje of kampanje dy't troch de Provinsje stipe en betelle wurdt, it korrekte gebrûk fan de offisjele provinsjenamme ferwachte wurde mei? Fine jo mei ús dat ek foar it oare yn sa'n kampanje (al soe it mar foar in part wêze) ek de twadde Rykstaal as kommunikaasjemedium sichtber makke wurde moat? Benammen troch in organisaasje dy't sels ek noch 'Merk Fryslân' as namme draacht?3. Is der yn de tarieding fan dizze kampanje tusken de Provinsje as jildjouwer, Merk Fryslân / VVV Waterland as opdrachtjouwer en it útfierende kommunikaasjeburo in eksplisite taalkar makke? Hoe is soks yn syn wurk gongen en mei hokker argumintaasje? Of is der domwei troch net ien oan it Frysk tocht?4. Hoe sjogge jo út kommunikaasje-eachweid nei de taalkar yn in kampanje dy't útsoarte rjochte is op it

	<p>eigen – en neffens de Taalatlas 2020 yn mearderheid Frysktalige – Fryske publyk ?</p> <p>5. Hoe sjogge jo it folslein net brûken fan it Frysk yn dizze kampanje yn relaasje ta it ôfprate doel 55 fan it Kolleezjeakkoart Lok op 1: 'It gebrûk fan it Frysk troch ynwenners, Fryske organisaasjes en yn de iepenbiere romte is sichtber en mjitber omheech gien' ?</p> <p>6. De FNP fynt de gong fan saken alteast in miste kâns foar it Frysk yn relaasje ta Doel 55. Fine jo dat ek?</p> <p>7. Wat kinne en sille jo der no oan dwaan om dochs noch in positive draai te jaan oan dizze kwestje? Hoe wolle jo boargje dat soks net wer barre kin by kommunikaasjekampanjes dy't stipe wurde troch dizze Provinsje? En hoe sille jo dan soargje dat yn stee dêrfan alle kânsen foar mear sichtberens fan it Frysk yn de publike romte tenei benut wurde?</p>
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sijbe Knol
---------------	--

Datum	2 septimber 2020
-------	------------------